

MUNLINGE FRAGEN / FRAGENOERKE op grûn fan kêst 40 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS/ Deputearre	Schrier
	<p>Ûnderwerp: gemyske bestridingsmiddels</p> <p>It Europeesk Parlemint hat him yn mearderheid útsprutsen foar in ferbod op it omstriden gemyske bestridingsmiddel glyfosaat (RoundUp). De Europeeske Kommisje en de lidsteaten steane no foar it beslút om oan it gebrûk fan glyfosaat fuortendaliks dan wol binnen 5 jier in ein te meitsjen.</p> <p>Dizze politike diskusje fynt plak tsjin de eftergrûn fan in bredere diskusje oer de negative effekten fan de ynset fan gemyske middels lykas glyfosaat en neonicotinoïden op sûnens, natuer en miljeu, lânbou, iten, wetterkwaliteit en biodiversiteit. Bygelyks it nijste Dútske rapport dat beskriuwt hoe't it tal ynsekten de lêste desennia mei trijekwart fermindere is.</p> <p>De provinsje is him ek wol bewust fan dizze problematyk, sjoch bygelyks de gearwurking mei it Wetterskip as it giet om 'sûner wetter'. Mar ek yn it provinsjale Wurkplan Europa, side 14, noch mar krektlyn fêststeld, wurdt de tapassing fan bestridingsmiddels yn relaasje neamd ta skea foar de lânbou en de biodiversiteit. Yn ús provinsje spilet ek it omstriden gebrûk fan metamnatrium yn de blombolletylt, dat yn Gaasterlân ten koste giet fan de sûnens fan ús ynweners.</p> <p>De FNP makket him slim soargen oer de hiele ûntwikkeling mei de gemyske bestridingsmiddels en soe graach sjen dat de provinsje Fryslân nei fermogen sels aksje ûndernimt. De provinsje hat neffens de FNP ek op dit mêd in foarbyldfunksje.</p>
Fraach / fragen	1. Brûkt de provinsje Fryslân op eigen gerjochtichheid (terreinen, gebouwen, ynfastruktuer, bermen) op ien as oare wize noch gemyske bestridingsmiddels, spesifyk glyfosaat ?
	2. Sa ja kinne jo oanjaan op hokker plakken en mei hokker reden dat bart?
	3. Kinne jo oanjaan wat gaadlike alternativen binne?
	4. Binne jo ree om foarútrinnend op in EU-breed ferbod fuortendaliks op te hâlden mei it eventuele gebrûk fan glyfosaat en ek fan oare gemyske bestridingsmiddels?
	5. Hokker aksje wolle jo ûndernimme foar de

	beskerming fan de sûnens fan ús ynwenners tsjin skealik en omstriden gebrûk fan metamnatrium of fergelykbere middels yn de blombolletylt?
	6. Binne jo ree om ten oansjen fan de fermindering fan gemyske middels aksjes ta te heakjen oan it Fryske Miljeuprogramma? Soene jo yn dat ramt ek in aksje opsette wolle om oare brûkers fan gemyske middels oan te sprekken, dêr't wy net streekrjocht wat oer te sizzen hawwe? Bygelyks oer it ferminderjen fan it gebrûk fan gif troch 'tûke lânbou' of better noch troch miljeufreonlike alternativen?
	7. Graach jo argumintaasje wêrom wol of net sels ophâlde en wêrom wol of net aksjes yn it Miljeuprogramma?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Wopke Veenstra
---------------	------------------------------------------------------------

Datum	8 novimber 2017
-------	-----------------